



# Dit is de dei...

## Sara en Simon folgje Jezus

*troch Foekje-Fleur Fink*

Sara en Simon belibje – mei harren grutte broer Daniël, heit en mem, pake en oare famylje – de ferhalen fan ‘Dit is de dei...’.

De hiele famylje is doopt yn de Jordaan en in ‘nij libben’ begûn. Yn dat nije libben draait alles om Jezus fan Nazaret. Mar wa is Jezus no krekt? En wa binne syn heit en mem? Eins hiene se dat oan Johannes freegje moatten, doe’t se doopt waarden. Dy hie it grif wol witten. Gelokkich binne der mear minsken dy’t Jezus kenne. Dy fertelle de ferhalen troch oan wa’t it mar hearre wol.

Hjoed fertelle de skieppehoeders oer wat se meimakke ha yn dy bysûndere nacht. Dy wiene de earsten dy’t te hearren krigen dat Jezus berne wie. Hoe’t dat allegear west hat, hearre jim fan harsels. Harkje mar...

### De hoeders

Lukas 2,8-20

It like wol as wiene alle minsken út naüm by de berch op klommen om te hearren wat de hoeders te fertellen hiene. Krekt as waarden de ferhalen alle jûnen moaier en moaier. Sara en Mirjam sieten hielendal foaroan. “Poeh”, pûste Mirjam, “it fjoer is hjir gleonhjit.” “Kom, dan geane wy by ús heit en mem sitten!” Sara sprong oerein en luts Mirjam mei. It duorre net lang of de heit fan Mirjam stapte nei foaren en begûn te fertellen...

It wie in rêstige nacht. Wy hiene de skiep sa goed as te plak. Guon fan ús joegen har al del. Ik makke opnij it fjoer oan, want dat dôve al wer.

Yn dyselde nacht stie der ynienen in engel foar ús.

We skrokken en sloegen de hannen foar de eagen. Want om de engel hinne wie in see fan ljocht.

“O God”, rôp ien fan ús, sa lûd as er koe. Wy hiene wol troch dat God sels yn de buert wie.

“Wês net bang,” sei de engel, “want ik ha goed nijs! Hjir fuortby, yn de stêd fan David, is in Keningssoan berne. Hy is yn doeken bewuolle en leit yn in fuorbak, in krêbe.

Want der wie gjin plak foar him yn de herberch.”

Wy woene it earst net leauwe. Dy engel hie it oer in keningssoan dy’t yn lapen bewuolle lei? En dy’t yn in fuorbak fan de bisten lei? Hiene wy wol goed heard wat de

ingel sei? In keningssoan wennet yn in paleis. Soks koe dochts gjin boadskip fan God wêze?

Mar it wie hiel oars as wy tochten. De ingel sei: "Dit hat just alles mei God te krijen! Hy wol dat jim it as earsten te hearren krije."

En doe barde der wat, dat ik nea wer ferjitte sil. It hat ús libben folslein op 'e kop set. Der kamen allegear ingels op ús ta. De himel rekke der fol fan. Se songen it moaiste liet dat ik ea heard ha: "Eare oan God, en frede op ierde foar alle minsken."

Wy binne allegearre op 'e knibbels lizzen gien. It waard stil om ús hinne... Sa stil kin it allinne wêze as der in boadskip fan God komt.

Hoelang oft wy dêr op 'e knibbels lein ha, wit ik net, mar nei in skoftke kaam ien fan ús oerein en sei: "Komoan manlju, wy geane der nó hinne. God hat ús roppen! Dat betsjut dat we no net langer wachtsje moatte."

Wy hawwe by de stâl oankloppe. "Meie wy deryn?", haw ik roppen. "Wy wolle de keningssoan graach sjen."

Joazef swaaide de doar foar ús iepen en rôp: "Kom mar gau."

Dêr seagen we Maria. Se wonk ús dat we fierder komme moasten. En we seagen it berntsje yn de krêbe lizzen, it slepte.

Omdat we net goed wisten wat we sizze moasten, binne we mar wer op 'e knibbels lizzen gien. Ien fan ús begûn hiel sacht te sjongen: "Eare oan God."

Doe kaam pake oerein en begûn súntsjes te sjongen. De hoeders kamen ien foar ien oerein en begûnen ek te sjongen. Heit en mem, Sara en Mirjam, Simon, Daniël en alle oaren kamen oerein en songen ek mei. It duorre mar efkes of it wie ien grut koar dat song: "Eare oan God..."